

# KRYPTOGRAM 215A

## Horizontaal:

6. Kleur dy 't pearsgeviis foarkomt (4);  
 8. Treast foar kryptogrammemakkers (10);  
 9. Waard yn Grins al as diel fan in skip beskoge (7);  
 10. Lanlike rûte (7);  
 12. Plak foar fiif sinten (10);  
 15. Grut hûs mei in soad berchromte (4);  
 16. Skriuwwizen (15);  
 18. Fan dit wurd bestiet der net in twaddenien (4);  
 19. Wurde troffen troch myn freon om muzyk neffens foarskrift te meitsjen (10);  
 22. In leswein kin der goed op ride (7);  
 24. It dreamen fan elektroanysk beteljen (7);  
 25. It dreamen fan elektroanysk beteljen (10);  
 26. Ferniel de bout dan ek mar (4).

## Fertikaal

1. Boekwinkel (12);  
 2. Alt en Bas litte hjirmei fan har hearre (10);  
 3. De kat makke in gatsje (6);  
 4. Werom koks? (4);  
 5. Baarnend wetter? Dan moat de brânwar yn aksje komme. (8);  
 7. Byld dat net by de popkultuer heart (5);  
 11. 'Opsporing Verzocht' (12);  
 13. O, grutte rûnte! (5);  
 14. Noaren geane op de fyts

of mei de auto nei in boerepleats (10);  
 17. Bazige froulju binne om te sjitten (8);  
 20. Diel fan in lisbatteri (6);  
 21. Fokke wurdt in lange jonge (5);  
 23. Mei dizze dûns wurdt eltsenien platspile (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 3 - 20 - 6 - 9 - 18 - 26 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei [denksport@lc.nl](mailto:denksport@lc.nl), ûnder fermelding fan Kryptogram 215a. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 215a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **12 oktober** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

**BOEKENBON t.w.v. €25,-**




## Kryptogram 214a:

Plaknamme:

**REAHÛS**

**Winner Boekebon:**

Vronie de Vries-Knoop,  
 Sint Nicolaasga



LEEWARDER COURANT

30-09-2023

VDM